LEEUWARDER COURANT
02 februari 2013, pag. 30

Aux armes!

Us lân wurdt útrûpele. It gas giet ûnder de grûn troch de grins oer nei Hollân ta. It rjocht fan Willemineplein en Saailân giet de grins oer nei Grinzerlân ta - dêr't oars wurk by de rûs wêze sil foar de riedshearen en rjochters. Iepenbier ministearje en plysje sille mei dy kant út.

Frou mr. Bronsvoort hat de lêste kear hjirre har bef opstrutsen. Wy hâlde gjin presidint, gjin haadofsier en gjin haadkommissaris mear oer. Minister Ivo neamde ien en oar syn 'rijksbreed masterplan'. 'Minister laat Leeuwarden vallen', woe de krante hawwe. (LC 26 jannewaris)

Doe't yndertiden Sukarno en Hatta in ein breide hiene oan it Hollânske gesach yn Batavia, frege de doarwachter fan ús Uterter stamkroech nederich, oft wy har Fryslân hâlde litte woene, it wie har lêste koloanje. Sa is foar de VOC fan ieuwen ferlyn no de VF(ryslân)C yn it plak kommen. It 'Lân fan Smaragd' is útrûpele, uzes is oan bar.

Hoe no? E. B. Folkertsma: 'Fryslân wol neat. It is passyf, omdat it net aktyf wêze wol. It is passyf út ûnmacht.' (Toer en tsjerke, side 204) De âld CDA-deputearre Jan Ploeg hat mear as ienris opmurken, dat Fryslân der gjin nocht oan hie om wat te dwaan – 'gjin ambysje hie', wiene syn wurden. En kommissaris John Jorritsma: 'Wij moeten assertiever zijn, desnoods iets agressiever.' (Dichterbij, nû. 3, 2008)

Wy kinne wat fan oaren leare, tinkt my. Doe't yn de jierren njoggentich fan de achttjinde ieu yn Frankryk de nije frijheid bedrige waard, dichte Rouget de l'Isle syn Marseillaise, 'Aux armes citoyens! Formez vos bataillons!' En yn Ingelân gie it yn syn 'God save the Queen' fan 'Scatter our enemies, And make them fall'. Beide folkslieten lykje my de militaristyske kant neist. Uzes is faaks wat te freedsum, it klinkt en daveret wat en dêr bliuwt it by. It hat ús yn de kampslach mei de VFC ek nul en neat holpen. Sadwaande moat it roer oarrewei.

Beweging en steaten meie wolris wekker wurde en har tongrjend 'Nee!' sprekke (Fedde Schurer). En fuort dan de dieden op dy wurden. Lang ferlyn hat Marcus Cicero de Wet fan Cicero útfûn: it wolwêzen fan it folk is bestjoerders de heechste wet. Tarredyk, klinkert, beton, akwa- en fiadukt, it libben sil der net sûnder kinne, mar earst en meast is it om mìnsken te rêden!

Bertus Jans Postma. Bitgummole